

DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baarn

ôfstj.:
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

Gearstalling Bestjoer

Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

foarsitter : J. Kooistra 035-6218626
+ ledeadm. Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum
e-mail: gurbe@xmsnet.nl

skriuwer : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
e-mail: kritehilversum@gmail.com

ponghâlder : J. Koopmans 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**

alg. adjunkt : W. Triemstra 035-6833889
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 102, 1223 CZ Hilversum
e-mail: triwa@hotmail.nl

-.-

boekeferkeap : J. Conradie-Groenhof 035-6234733
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum

G. v.d. Leij-Wilbers 035-6213586
Hyacintenlaan 10, 1215 BC Hilversum

iterij : Bestellingen trochjaan oan:
Jan Kooistra, tel. 035-6218626
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)

-.-

Eareleden:

earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk

earelid: H. van Duinen, De Jouwer

Fan de foarsitter

De maitiid en de simmer komme der wer oan! As jimme soks noch net oan de hegere temperatueren fernommen hawwe, dan koenen jimme it yn 'e krante lêze: it earste ljipaai is fûn. Yn Vinkeveen, dat is wier, mar soks moatte wy no ienris sportyf akseptearje. De iene ljip is de oare net en dy't swier is fan in ljipaai moat earder nei de grûn om it del te lizzen. En as hja út it suden wei komme, dan leit Fryslân krekt efkes te fier.

Mar amper ien dei letter waard yn Fryslân, uteraard yn it suden, ek it earste ljipaai fûn. Yn Vinkeveen hat men der net folle drokte fan makke, mar yn Slikenboarch kaam de hiele parse en de nije kommissaris fan 'e Kening, Arno Brok, der op ta. Se mochten dan wol net tichteby it nêst komme, mar op de sutelwei fan 'e grutte dyk tusken De Kuunre en Wovegea hat it feest noch in soad drokte jûn.

Ek koe men de komst fan 'e maitiid fernimme oan de earste trainingstrip fan Douwe Visser mei de "Sneker Pan" nei de Snitser Mar, as tarieding op de earste wedstriid ein april.

Men kin sizze dat mei de komst fan it moaie waar Fryslân ek wer út 'e wintersliep komt. Net dat der neat bard yn 'e winter. Oh nee. Nim no bygelyks it sylhûet fan Warkum: de

hege skoarstienpiip by it molkfabryk wurdt sloopt! Dêr giet de "Goede Verwachting". It is no mear it "Grutte Ferwâldzjen". It op 'e nij foegjen fan de piip wie djoerder as it slopen en dus... fuort mei de âlderwetske piip en molkbus!

Mar ek bûten Fryslân is wer wat nijs útfûn. No eigentlik in werûntdekking: Nokia komt mei in nij, yn âld model getten, 'smartphone' (mobylysje). En ik jou it jimme te rieden: Men kin der ek noch mei belje!!!

Fierders hawwe astronomen op in ôfstân fan fjirtich ljochtjierren planeten ûntdutsen, wêrop't mooglik minsken wenje. Is dat net moai? Ek dêr kinne samar oseanen, bergen, seeën, lân, bosken, greiden en skriezen wêze.

Miskien is it earste ljipaai dêr al yn jannewaris fûn. Dan komme wij moai noch mear efteroan! Ik soe sizze mar gau derhinne yn it ramt fan Kulturele Haadstêd 2018. Dêr sille ek wol minderheden libje dy't miskien in taal prate, dy't in protte wei hat fan it Frysk. Mar ik moat jimme wol sizze dat de reis dêrhinne lang duorret. Sa lang duorret in ritsje nei ús kritejûn net. Dêrom hoopje ik jimme allegearre te moetsjen op ús kritejûn mei "Nocht en Wille" op freed 24 maart. Oant dan!

Jan Kooistra

Nijs fan de boeketafel

Dizze kear wolle wy skriuwe oer de dichtbondel *Evening Equinox* fan Tsjêbbe Hettinga. It is syn lêste bondel. Tsjêbbe Hettinga is yn 1949 berne yn Burgwerd en stoar yn 2013 yn Ljouwert. Hy kriich in eachsykte en wie foar syn tritichste al blyn. It wie in dichter fan ynternasjonale alluere. Hy wie in foardrachtskeunstner en droech syn eigen gedichten foar, net allinnich yn Fryslân, mar ek yn Nederlân, Brussel, Barcelona, Berlyn, Londen, Vancouver....

Yn syn gedichten komme de klanken prachtich út. Dat komt troch it Germaanske- as stêfrym en binnenrym mei it rymjen oan it ein fan in rigel. Syn gedichten kinne jo dêrom it bêste lûdop lêze.

Evening Equinox betsjut jûnskof: De sinne is er net mear, mar it is noch ljocht. In foarbyld út dit wurk is it earste fers fan it lêste gedicht (side 84) 'De lêste staasje'. Yn it Nederlansk is it oerset troch Benno Barnard ('De laatste statie'). Sjoch it ferskil yn klankrykdom!

It is in winternacht.

Swarte snie en slipe messen jaget de easterstoarm
Oer de bankjende poalske flakten en befiket my
De snieblinde eagen, dy't (wa is eins dy fiskjende
Inoit!) de wekken fan it ûnderwêsten sykje.
Bin ik dy 't falt, yn hege snie? Mar ik wrot my wer
Oerein wylst de wyn my troch de tinne mûtse hinne
Yn 'e earen – *o helsdoarren* – klapt, en kjel sjoch ik om.

Het is een winternacht


Zwarte sneeuw en geslepen messen jaagt de oostersstorm
Over de polaire vlakte vol sneeuwduinen, snijdend
In mijn sneeuwblinde ogen, die (wie is die visvende
Inoit!) wakken in het onderbewuste zoeken.
Ben ik het die valt, in hoge sneeuw? Maar ik wroet me weer
Overeind, en de wind slaat mij door mijn dunne muts heen
Om de oren - *o helledeuren* – verstijfd kijk ik om.

Genietsje fan dit fragmint.

Graach oant sjen by de boeketafel.



de CD



de dichtbondel

Jellie Conradie & Gesiena van der Leij

Us kritejûn op sneon 18 febrewaris 2017

Wy sieten dizze jûn wer yn de moaie grutte seal fan 'Nieuw Kerkelanden', noch krekt sa moai en grut as foar de ferbouwing fan dit soarch sintrum, je moasten allinnich in hiel ein omrinne (fûn ik) en je kamen d'r op in oare manier binnen. Mar goed, we kamen d'r, mar ik frege my wol ôf: "werom moat tsjintwurdich alles feroare wurde?". Teminsten sa kaam it op my oer.

It toanielselskip "De Lytse Komeedzje" út Drachten spile foar ús it stik 'Alle gear Komeedzje'. In klucht yn trije bedriuwen en se hawwe tige har bêst dien. In grut eigen dekôr, hielendal opboud op it poadium. Wat in wurk om it hjir allegear hinne te sjouwen en ynelkoar te setten en straks wer oarsom de auto yn. En in eigen ljocht- en lûdynstallaasje! Men kin sjen dat se d'r mei-inoar sin yn hawwe! En sa wie it mei toanielspyljen ek, se koenen harren rol op in profesjonele wize foar it ljocht bringe. Ik ha grut respekt foar sa'n klup amateurs dy't soks doch mar efkes foarinoar spikert. No it stik sels: je moat d'r fan hâlde, in klucht, alles giet like bryk en mâl. Iksels bin d'r miskien te nochteren foar om alles te begripen en om te laitsjen, want dat is de bedoeling fansels, wat oars! Ien spiler foaral hie myn oandacht en sympaty en dat wie 'Pake' (hoe kin it ek): hy seach, sei en die dingen dy't iksels yn sa'n situaasje miskien ek wol sjen, sizze en dwaan soe. Wij hawwe ús tige fermakke, it wie wer in âlderwetske toaniel kritejûn. Spitigernôch binne ús rigen oan it úttinjen, wy wienen mar mei in fjirtich minsken yn 'e seal, d'r hienen noch wol in tweintich bij kind!

No't ik dit stikje oan't skriuwen bin is it woansdei 8 maart; ús âldste dochter sit mei har man yn 't fleantúch nei Gran Canaria, foar in besite oan harren dochter fan 33 jier (ús pake en beppesizzer dus) dy't dêr in nij libben begjinne wol... (Ha 'k yn 't foarige stikje oer ferteld) "It kin net mâler" sei ik doe en sis ik noch!

Oer in wike fan no binne de ferkiezings en krante, radio en telefyzje hawwe it nearne oars oer, ik wurd stapelgek fan al dat gepraat, de ien wit it noch better en moaier as de oare te fertellen of te beloven. Ik kin d'r gjin steat op meitsje en dêrom ha ik foar mysels in ferlanglistke makke mei: wat soe ik graach feroare ha wolle. It is in listke wurden mei 16 punten en ik tink dat de redaksje it net goed fine sil as ik se alle 16 opskriuw, mar in pear sil wol kinne hoopje ik:

- 1) net langer prate oer rjochten mar oer plichten: "noarmen en wearden"
- 2) ôfskaffe fan kriichsark: gjin tanks, fleantugen, krusers en sok soarte spul mear.
- 3) Stop alle sintrales dy't draaie op fossile grûnskatten (stienkoal, gas, oalje)
- 4) Allinnich noch mar sinne-enerzjy (wynmûnepark op see, sinnesellen en biomassa) en/of kearnenerzjy (Thorium is feilich) en/of ierdwaarmte.

En op wa sil ik no stimme? Dat is myn geheim!!! Wolkom op de kritejûn op 24 maart; Wy binne d'r dan net, wy gean nei Tenerife om myn 92ste jierdeifeest te fieren. Oant sjen in oare kear.

Johan Engwerda



it bestjoer
nûget jimme út op

Freed, 24 maart 2017

yn de grutte seal
fan

"Nieuw Kerkelanden"

Franciscusweg 137
1216 SB Hilversum

!!! BEGJIN 20:00 OERE !!!



De toanielploech 'Nocht en Wille' fan de krite Boadegraven, Utert en Seist
spilet dan foar ús

"TWAFERTSJINNERS yn TWASTRIID"

In blijspul yn trije bedriuwen fan Gerrit Meter

In man en in frou binne beide drok mei harren wurk, en komme net mear oan harrensels en elkoar ta. De hiele dei hinne en wer fleane, de frou as advokaat en de man as hanneler yn fytsen en fytsûnderdielen. Jild genôch, mar drok, drok en nochris drok. De húshâlding rint finaal yn ûnstjoer en jûns binne beide deawurch. Se hawwe gjin enerzjy mear om it iten klear te meitsjen. Sterker noch, se binne te wurch om de telefoan op te nimmen! Freondinne Anneke sil helpe. No komt alles goed. Of net?

Fansels steane ús diskjes mei Fryske boeken en iterij dizze jûn ek wer klear.

Wolle jo wis wêze dat der noch iterij foar jo te keap is, skilje dan even
nei nûmer 035-6218626



Tagongspriis: Leden € 10,00
Net-leden € 15,00

Us (earste?) kritejûn yn it winterskoft 2017-2018

Sneon 25 novimber 2017

Selskip *Noordenbos & Ko* mei harren programma
"Ferbining"

--

Algemeine Gearkomste fan it Frysk Boun om Utens


Op sneon 8 april 2017 is de AG fan it Frysk Boun om Utens yn Lelystêd.
Dêr hearre jimme alles oer wat it 'Frysk Boun om Utens' it ôfrûne jier dien hat.
De skriuwer en ponghâlder dogge ferslach oer it jier 2016
As gearkomste wol men ek foarútsjen.

Nei ôfrin fan de AG nûget de Sékrite fan Lelystêd alle oanwêzigen út foar it
jûnsprogramma: it toanielselskip *Pro Rege* út *Holwert* komt dan mei it stik
'Ik wol gjin oare mem'

It plak: "Ontmoetingskerk", Schor 4, 8224 CM Lelystêd.

De AG duorret oant en mei 17.00 oere. It jûnsprogramma begjint om 20.00 oere.
Kosten: Yntree jûnsprogramma € 10,00 + mooglike Flevolânske bôletafel € 12,50
Der stiet op de wurklist fan de AG wer genôch om oer mei te praten en te tinken!
Wêrom dan net ris in kear der hinne?

Wolle jo mear witte belje dan even 035-6218626



De mienskiplike streekferienings 'Vereniging Drenthe',
'Groningen en Ommelanden' en 'Selskip Fryslân'
nûgje jimme út foar in fleurige jûn mei
'De Troubadours út Haastrecht'
mei nostalgyske sang en muzyk.

Programma:
19.30 oere: Nei it sjongen fan de 3 provinsjale folkslieten, it optreden fan De Troubadours.
20.30 oere: Healoere skoft en ferkeap fan lotten: 1 slúfke € 5,00
(altdy priis, guon slúfkes ha in ekstra priis)
21.00 oere: Ferfolch optreden fan De Troubadours
22.00 oere: Sluten; Prizen ferlotting ôfhelje (net sels pakke)

Datum: Sneon 18 maart 2017, 19.30 oere (seal iepen om 19.00 oere)
Plak: Woon-zorgcentrum 'Vecht en IJssel' Transwijk,
Hof van Transwijk 16, Utrecht
Ynlis: € 6,00 (kofje/tee mei kocke fergees)

Eveneminten yn Fryslân Simmer 2017

Skûtsjesilen SKS 2017

5 augustus :Grou (start)
7 augustus :De Feanhoop
8 augustus :Earnewâld
9 augustus :Terherne
10 augustus :Langwar
11 augustus :Ealahuzen
12 augustus :Starum
14 augustus :Wâldsein
16 augustus :De Lemmer I
17 augustus :De Lemmer II
18 augustus :Snits (finale)

Skûtsjesilen IFKS 2017

19 augustus :Hylpen
21 augustus :Starum
22 augustus :Heech
23 augustus :Sleat
24 augustus :Ychtenbrêge
25 augustus :De Lemmer I
26 augustus :De Lemmer II (finale)



Keatsen 2016

6 maaie :Hilversum - Heren 50+ (Kv "Melle Veenstra")
5 juny :Frjentsjer - Bûnspartij
12-16 juny :Harns - Lanenkaatsen
1 july :Straatkaatsen - Ljouwert
2 augustus :Frjentsjer - PC Heren
9 augustus :Wommels - Freulepartij
23 augustus :Weidum - PC Dames



Fierljeppen 2017

1 july :Bûtenpost - Twakamp Hollân - Fryslân
29 july :It Heidenskip - Nat. Fierljep Manifestaasje
12 augustus :Winsum - Frysk Kampioenskip
23 augustus :Drylts - Fryslân Cup
26 augustus :Jaarsveld - Ned. Kampioenskip



Fytsen 2017

fan 4 july ôf :Wolvegea - fytsfjouwerdaagse
fan 10 july ôf :Borum - Lauwersland fietsvierdaagse
fan 25 july ôf :Assen +7 oare - Drentse Fiets4daagse
fan 22 aug. ôf :Appelskea - fytsfjouwerdaagse
fan 28 aug. ôf :Ljouwert - âlvestêdefytsfiif(5)daagse



Wettersport Algemien 2017

26 - 27 maaie :Akkrum - Eneco Sinneboatrace NK & Reuzedei
4 - 13 aug. :Snits - SneekWeek
9 augustus :Snits - Hurdsyldei
24 - 26 aug. :Makkum - Fiskerijdagen
30 aug - 2 sept. :Harns - Fiskerijdagen
26 augustus :Balk - Gondelfeart
25 augustus :Aldeboarn - De 72ste Gondelfeart
20 - 28 oktober :Warkum - Fiskerijdagen, Strontrace, Liereliet



Oare eveneminten yn Fryslân 2017



23 - 27 maaie	:Ljouwert	-70ste Alvestêdekuiertocht
5 juny	:Boalsert	-Fyts Alvestêdetocht
26 - 28 maaie	:Ljouwert	-Frysk Strjitte Festival
9 - 18 juny	:Skylge	-Oerol Festival
21 - 24 juny	:Boalsert	-65ste Heamieltdagen
4 - 7 augustus	:De Feanhoop	-Feanhoopfestival
26 juny	:De Jouwer	-Boerebrulloft
26 - 30 july	:De Jouwer	-Ballonfeesten
22 en 23 sept.	:Droegeham	-Gondelfeart op Tsjillen
28 septimber	:De Jouwer	-Joustermerke
5 oktober	:Boalsert	-Bolletongersdei



Sjoch ek op www.hetfriesehart.nl foar alle oare eveneminten yn Fryslân

Iepenloftspullen yn 2017

Easterwierrum

"**Pietje Bell en de binde fan 'e Swarte Hân**" (berne iepenloftspul). Utfieringsdata: Seis foarstellingen fan 22 juny oant en mei 1 july. De foarstellingen fine plak neist MFC De Tysker, Skuorrehofwei yn Easterwierrum. Ynformaasje op webside www.bernieepenloftspul.nl

Iepenloft Opsterlân

"**De Lytse Prins**". In hearlike, muzikale foarstelling foar jong en âld. Plak: yn it iepenloftteater Sparjebird op De Himrik. Skreaun troch Antoine de Saint-Exupéry; Fryske bewurking fan Bouke Oldenhof. Regy: Elske Klooster. Utfieringsdata: fan woansdei 24 maaie oant en mei sneon 10 juny. Ynformaasje op webside www.iepenloft-opsterlan.nl

Jorwert

"**It wûnderlike foarfal mei de hûn**" (bewurking fan it boek "Het wonderlijke voorval met de hond" fan Mark Haddon) De premjêre is op sneon 2 septimber en der wurdt spile oant en mei sneon 30 septimber. De kaartferkeap is útein set op 1 febrewaris. Bliuw op 'e hichte fia webside www.iepenloftspuljorwert.nl

Kollumersweach

"**Tsjoensters fan Ie**", wurdt spile troch it Masquerade Theater op 7, 8, 14 en 15 july oan de Foarwei 183 te Kollumersweach. It is in ferrassend en fantasiefol mearke, geskikt foar jong en âld.. Skreaun nei oanlieding fan de ynbring fan de spilers en harren sels betochte personaazjes. Ynformaasje op webside www.masqueradetheater.nl

Op dit stuit (febrewaris 2017) is noch net alle ynformaasje beskikber. It lêste nijs omtrint alle iepenloftspullen yn Fryslân fine jo op www.iepenloftspullen.nl

Lekker ite mei ...

Diskear gjin resept, want Aachje is sêd. Aachje is it even sêd! Aachje is útiten en moat no út 'e iten... Nei de simmer sil it wer heve, mar no is it even sykje nei nije yngrediinten. En dy hat se fûn yn in resept foar letterfretters. Se wol jimme no de tosken ris sette litte yn de stavering (spelling) fan it Frysk. Op 4 april is wer it Grut Frysk Diktee en om jin fan tefoaren ta te rieden stiet hjirûnder it kwalifikaasje-diktee. Ik winskje jimme in protte sukses by it sykje nei de grammatikale- en staveringflaters yn de ûndersteande seis sinnen:

Minsken dy't no 65 jier binne krije skielk aow en meskien pensioen, mar s e krigen eartiids gleaune Douwe, Janke of Wiltsje, moallenpostro, greauwen op brea en sneons mochten se mem helpe by it bofferdsjebakken.

Sûn iten is in pré: keukengoerûs, dietisten en sûnensplysjes sjogge dy op ' e fingers en steane klear om dy op it fêstje te spuien dast tefollesâlt, sûker of smoar yn dyn proeske iten bemjukt.

Oer wat sûn iten is en hoefolle ast deisk hawwe moast oan griente en fruit, dêr tsiede de geleerden al jierren oer.

Hurde en fersêdde fetten (tink om it golestorol!), wite sûker (koalhidadaten!) en wytmoallen produkten (alhielendal net streksem), dat mei opheden allegearre net; halfarine, fette fisk en nûten kinne dêrfoaroer w ol in plak op it menú krije.

Dy't it goed dwaan wol moat syn taflecht sykje yn eksotyske produkten as quinoa, en oare soarten superfood, lykas brune rys, kokosoalie, seewier, gojibaaien en himpsied.

Is der yn dizze tiid noch wol romte foar in gewoan miel iten dat bestiet út ierpels (readstar, gieltsjes of Bintsjes), fleis (gehaktbal, slafink of stoofleis) en griente (reade bieten, tussearten, woattels, prei of readek oal)?

Dreech iten!
...Aachje

Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729
e-mail: c.punter@wxs.nl

skriuwer : Hendrik Visbeek
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541
e-mail: h.t.visbeek@kpnmail.nl
websiteside: www.melleveenstra.nl

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

"It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
websiteside: www.fryskbutenfryslan.frl

"Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"


skriuwer : K. Kuipers
Willem Loadewykstrjitte 115, 8933BL Ljouwert 058-2125383
e-mail: k.kuipers1938@kpnmail.nl

OANMELDE BY IT BOUN

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit fiere te kinnen, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om Utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage.

Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it Frysk Boun om Utens. It is fergees. As jo dat wolle, moatte jo jo namme, jo e-mail adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it Frys Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.frl



Special adres voor: Gevilde Omijckoeken

DE HAAN'S BAKKERIJ

HOOGEND 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

*De vestige Bakker
in Sneek en
zo dichtbij.*

**FRYSK EN FARSK
YN 'E PROVINSJE
EN ENS
TROCH IT HIELE LAN
JO BINNE TE PLAK BIJ
DE HAAN'S BAKKERIJ
YN SNITS
HEECHEN IS
FUORT BY DE
WETTERPOARTE**